



Jierrekken 2017 fan de Ried fan de Fryske Beweging gearfetsjend

Algemiën

De jierrekken 2017 fan de Ried fan de Fryske Beweging (tenei RFFB) jout ynsjoch yn de finânsjele sitewaasje. It binne net allinnich sifers út 2017 mar der is ek op ûnderdielen neiere taljochting.

Balans op 31 desimber 2017

(bedragen yn €)

	31-12-2017	1-1-2017		31-12-2017	1-1-2017
Aktiva			Passiva		
<i>Rinnende bankrekken</i>			<i>Fermogen</i>		
RABO 132260158	4.492	10.757	eigen fermogen fan de Ried		
RABO - Frysk bûsboekje (01-07)	11.764	6.218	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	668.949	658.261
ING 713498	0	0	koersrisseltaat JKF	12.099	18.008
ING 1123454	38.351	31.527	nije bestimde reserve Fr. Tiidskrift	-10.000	0
totaal rinnende bankrekken	54.608	48.502	oandiel eksploitaasjerisseltaat	-2.783	-7.320
<i>Sparrekken</i>			Jisk Koopmans Fûns (JKF)	668.265	668.949
RABO 148232590 belizzersrekken	14.516	1.492	frije algemiene reserve fan de Ried	0	0
RABO13368559869 doelreserveren	880	877	oandiel eksploitaasjerisseltaat	0	0
Frysk bûsboekje	0	7.586	frije algemiene reserve fan de Ried	0	0
totaal sparrekken	15.396	9.955	totaal algemiene reserve fan de Ried	668.265	668.949
<i>Depositorekkens</i>			<i>bestimde reserve Frysk bûsboekje</i>	<i>12.901</i>	<i>13.804</i>
RABO 1097621146	50.000	50.000	<i>bestimde reserve reklamepriis</i>	<i>2.964</i>	<i>2.964</i>
ASN Deposito NL43ASNB8800093558	100.000	100.000	<i>bestimde reserve Frysk tiidskrift</i>	<i>10.000</i>	<i>0</i>
TRIODOS bank 2205324438	100.000	100.000	eigen fermogen fan de Ried	694.130	685.716
totaal depositorekkens	250.000	250.000	<i>Skulden</i>		
<i>Effekten</i>	<i>374.461</i>	<i>373.884</i>	noch te beteljen kosten	1.684	2.419
<i>Foarderingen (Frysk bûsboekje, 01-07)</i>	<i>1.186</i>	<i>0</i>	noch te beteljen btw Frysk bûsboekje	49	0
<i>Oerrinnende aktiva</i>			sub-totaal fan de skulden	1.733	2.419
noch te ûntfangen rinte	13	4.014			
noch te ûntfangen btw	0	360			
noch te ûntfangen stipe	200	1.045			
foarútbetelle kosten	0	375			
totaal oerrinnende aktiva	213	5.794			
Totaal fan de aktiva	695.864	688.136	Totaal fan de passiva	695.864	688.136

Taljochting op de balâns op 31 desimber 2017

De balânsposysje is yn 2017 ferbettere. It balânstotaal naam ta mei € 7.728 fan € 688.136 nei € 695.864. Yn grutte halen kin steld wurde dat it negative eksploitaasjesaldo fan € 3.685 mear as kompinsearre wurden is troch it koersrisseltaat fan € 12.099 dat yn 2017 realisearre is op de effekteportefeulle. Sadwaande kin konstataarre wurde dat de fermogensposysje fan RFFB ek ferbettere is.

Effekten

De wearde fan de effekten is yn 2017 groeid fan € 373.884 nei € 374.461. Troch ferkeap fan oandienen is it bedrach op de belizzersrekken foars stegen. It saldo op de belizzersrekken sil yn 2018 brûkt wurde om mei te belizzen. De belizzersrekken kin dus net los sjoen wurde fan de effekten. De stikken binne yn behear by de RABOBANK. It ôfsprutsen profyl is ‘defensyf’ en ‘duorsum’. Lykwols hat de portefeulle gâns yn beweging west om de risiko’s sa goed mooglik te beheinen en in better risseltaat te beheljen. Yn persinten wie it risseltaat 3,6%, wylst de merk mei ús profyl rekkenje koe op 3,1%.

Eigen fermogen fan de Ried: it Jisk Koopmansfûns (JKF)

It Jisk Koopmans Fûns is de rêchbonke fan it fermogen fan RFFB. It datearret fan 2009 en hie as ynisjele wearde € 640.090. Yn 2017 is it JKF fan € 668.949 nei € 668.265 ôfnaam mei € 684. Inkele eleminten binne fan belang:

- Der bestiet in aparte rigel ‘koersrisseltaat JKF’ dêr’t de fluktuaasjes yn de koersen fan de effekteportefeulle yn ferwurke wurde; troch dy hjir te ferrekkenjen fersmoargje se net de eksploitaasje. It koersrisseltaat yn 2017 is fêststeld op € 12.099.
- De rigel ‘oanpart eksploitaasjerisseltaat’ jout oan hoefolle fan it feitlike eksploitaasjerisseltaat fan 2017 (-/- € 3.685) fia it JKF ferrekkene wurde moat. In oandiel wie yn 2017 -/- € 2.783. It ferskil fan € 902,50 is ferrekkene mei de bestimde reserve Frysk bûsboekje
- Der is in nije rigel opnaam foar de bestimde reserve foar de mediaprojekten (sjoch hjirnei). Hjirtroch is der nochris € 10.000 op it Jisk Koopmansfûns yn mindering brocht.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve Frysk bûsboekje¹

Dizze bestimde reserve fungearret as earmerke buffer foar de eksploitaasje fan it Frysk bûsboekje. De reserve is yn 2017 oansputsen foar in bedrach fan € 902. Dêrmei waard de reserve ferlege fan € 13.804 nei € 12.901.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve reklamepriis

De reklamepriis is yn 2015 útrikt; sadwaande stiet de bestimde reserve op 1-1-2016 op € 0. Yn 2016 en 2017 is der gjin reklamepriis útrikt. Nei alle gedachten sil der yn 2018 wer in priis útrikt wurde. Fia de bestimde reserve wurdt dêr jild foar oan ‘e kant setten; út de eksploitaasjemiddels is dêrom € 2.964 reservearre.

¹ Yn de jierrekken fan RFFB binne de sifers fan it Frysk bûsboekje op alle oanbelangjende rigels yn balâns en eksploitaasje ferwurke neffens it finânsjeel boekjier fan it bûsboekje dat rint fan 1 july – 30 juny. Dit hâldt ferbân mei de ôfwikking fan de bûsboekjeferkeap. It bûsboekje sels rint fansels neffens kalinderjier.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve reklamepriis

Der wurdt al inkele jieren praat oer it oerbringen fan in Frysk tiidskrift, ynstee fan de Swingel. Ek wurdt der praat oer it yntensivearjen en ferbetterjen fan It Nijs. Fia de bestimde reserve wurdt dêr jild foar oan 'e kant setten; út de eksploitaasjemiddels is dêrom € 10.000 reservearre.

Skulden: noch te beteljen kosten

RFFB besiket de ferplichtings op it ein fan it kalinderjier sa goed mooglik yn byld te krijen, om dêrmei it noch te beteljen bedrach sa leech mooglik hâlden. Dat hie fan gefolgen dat de stân op 31-12-2017 útkaam op € 1.684. Dêrneist is der noch in post te beteljen BTW foar it bûsboekje fan € 49.

Eksplotaasje 2017

(bedragen yn €)

<i>Lêsten 2017</i>	2017			<i>Soarten fan baten 2017</i>	2017		
	realisaasje	begrutting	realisaasje		realisaasje	begrutting	realisaasje
personeel	19.970	20.000	24.341	rinte	9.588	10.000	9.810
húsfesting	2.389	2.500	2.532	dividend	1.141	3.000	2.962
printkosten	1.065	1.150	3.408	btw retoer	303	500	1.101
reiskosten	3.749	1.500	3.561	stipe	5.581	5.500	5.981
oare algemiene kosten	14.879	13.166	14.347	jeften	1.243	500	1.626
oare kosten bestjoer	0	0	2.894	subsydzje PF	19.184	19.184	19.184
bûsboekje	17.217	18.000	17.520	stipe 'it Nijs'	2.030	2.230	2.848
reklamepriis	0	4.343		ferskaat	0	0	252
				bûsboekje	16.513	18.000	17.286
				tekoart	3.685	1.745	7.554
					59.268	60.659	68.603

Taljochting op de eksploitaasje 2017

De eksploitaasje 2016 fan RFFB slút mei in negatyf saldo fan € 3.685. Dat wie begrutte op € 1.745.

Personielskosten

De personielskosten bliuwe binnen de rûzing fan de wersjoene begrutting 2017. De personielskosten binne leger as yn 2016. Dit komt by nammen fan yngrepen yn de organisaasje fan 'it Nijs' dy't yn it twadde fearnsjier fan 2016 effektuearre wurden bin. De kosten foar de 'Swingel' bliuwe ek benêfter, om't der mar ien Swingel útkommen is yn 2017.

Yn 2017 wurke RFFB mei:

- Frijwilligersfergoedingen: yn 2017 foar in bedrach fan € 2.500.
- Opdrachtoerienkomsten (âld-zzp): yn 2016 foar redaksjewurk foar 'it Nijs' € 12.064 en foar bestjoersstipe in bedrach fan € 2.942.

Dizze wurkwize wurdt foarearst yn 2018 fuortsetten.

Reiskosten

It bestjoersbeslút om yn 2016 it kilometeraryf te ferleegjen fan € 0,30 de kilometer nei € 0,19, docht ek yn 2017 syn wurk. De kosten bliuwe yn 2017 beheind ta € 3.749. Dat is sa'n € 200 mear as yn 2016 (€ 3.561). Yn 2015 stie de teller op € 7.293.

Oare algemiene kosten

Om't dizze kostesoart in grutte list omfiemet fan ûnderskate ferskillende kosten is in analyse dreech; lykwols kin globaal sein wurde dat de begruttingsoerskriedingen yn de sfear fan de 'digitale aktiviteiten' sitte. Fierderop wurde der analyses dien op it nivo fan de aktiviteiten fan RFFB.

Frysk bûsboekje

Yn de taljochting op de balâns wie al sichtber dat it Frysk bûsboekje (oplaach 2016 4.000 eksimplaren) himsels rêdt. Dêr heart ek by in eigen rigel yn de eksploitaasje, sawol yn de lêsten as ek by de baten. Ek yn 2017 moast al wer de reserve oansprutsen wurde. Dit is in punt fan oandacht binnen it Frysk bûsboekje.

Baten 2017

Rinte

De rintebaten binne koartsein te leech begrutte. Dit komt om't der rekken mei hâlden is, dat op de reguliere betel- en sparrekens ek sa'n € 500 oan rinte binne komme soe. Dit is lykwols net it gefal. De rinte op dy rekken docht sawat neat.

Dividind

Mei in algemien en rûnom ynsakjen fan kaptaalopbringsten, stiet ek it dividind ûnder druk. Dat docht bliken út de fergeliking tusken 2016 en 2017. In it kalinderjier 2016 wie de skoare noch € 2.962; oer 2017 wie it € 1.141. Lykwols sitte yn de RFFB-portefeuille ek hieltyd mear net-dividind útkearende stikken; fan sokke stikken sit it rindemint yn de koers. At it om koersferskillen giet, wurdt ferwiisd nei de post 'koersrisseltaat JKF' op de balâns.

Stipe 'it Nijs'

Yn de begrutting 2016 wie foar it earst in taakstellend batebedrach opnommen, om't de redaksje fanút it lêstepatroan in dekkende eksploitaasje fan 'it Nijs' nedich hat. It risseltaat jûch wol fertrouwen dat dizze ynkomsteboarne mooglikheden biede kin. Foar 2017 binne dy net echt slagge. Der moast foar 2017 dus dochs noch in eigen bydrage fan RFFB yn ynvestearre wurde.

Tekoart

It eksploitaasjetekoart 2016 kaam út op € 3.685. Dat is it bedrach dat út it eigen fermogen fan RFFB dutsen wurde moat. De ferdieling oer de ûnderskate balânsposen is as folget:

- Út it eigen fermogen – Jisk Koopmans Fûns € 2.783
- Út de bestimde reserve Frysk bûsboekje € 902